


KRYPTOGRAM 226a



Horizontaal

- 1 Lok en lak foar in jonge en in famke, de triennen sjitte har yn de eagen (6);
- 5 Dy ferhearliket alles út de skiednis (6);
- 8 Minder stroef foar herten bygelyks (5);
- 9 Weirûn oer de autobaan (6);
- 10 Sa 'n kaart as 5 skoart oars wol (6);
- 11 Guon sjogge him fleanen (3);
- 12 Sâlte grypfûgel (7);
- 13 Dûkerke mei ringnûmer 50.0.1000 (3);
- 14 Sikehûs foar merkelfju (11);
- 17 Takomstige sikkel (6);
- 18 De nammen fan masters (6);
- 19 Alde draaiskiif (5);
- 21 Sear efterwurk (4);
- 23 Skiphûs (4);
- 25 Komt meast foar om de ierde (9);
- 28 Mei rjocht in plak te neamen (4);
- 29 Gjin beweging sûnder lûd (4);
- 30 Net in ryk laach fan de stambeam (9);
- 31 Skeane fisk yn de ûndjipe (4);
- 32 De gong nei it hinnehok (4).

Fertikaal

- 1 It gong om it rûlearjen (11);
- 2 Oanbaksel op it Snitser skûtsje (7);
- 3 Unbûchsum túnark fan in houtene túnman (5,4) (10);
- 4 Sterke Ko wurket yn in tsjerke (8);
- 5 Net foardwaan (10);
- 6 Wc yn twa-ûnder-ien-kapewennings (7);
- 7 Draait muzyk yn de koken (11);
- 15 Soe Max Verstappen dit op syn fyts sitten hawwe? (9);
- 16 By it naaien is in ears wol yn tel (9);
- 20 Eartiidske Spaanske apeset (6);
- 22 Ald guod bin 'k op tsjin (5);
- 24 Ferklap neat oer de ôffalkontener! (5);
- 26 Stjonkt as in omkeard oaljefet (4);
- 27 In famke as alle oaren (4).

As it kryptogram klear is, fine jo yn de hokjes: 19 - 23 - 31 - 10 - 7 - 11 - 26 in Fryske plaknamme. Mail dy namme nei denksport@lc.nl, ûnder fermelding fan **Kryptogram 226a**. Of skriu dy namme op in brievekaart en stjoer dy oan: Redaksje Ljouwerter Krante, postbus 394, 8901 BD Ljouwert, mei op de adreskant: **Kryptogram 226a**. De oplossing moat op syn lêst tongersdeitemoarn **14 maart** by ús wêze. Under de ynstjoerders fan de goede oplossing wurdt in **boekjebon t.w.v. €25,-** ferlotte.



Kryptogram 225a:

Plaknamme:
WYNS
Winner Boekebon:
 Arjen Veninga, Buitenpost

LEEWARDER COURANT

02-03-2024